Laudatio foar Klaske Straatsma-Westerhof, lofprizing fan har wurk foar it ûnderwiis yn it Frysk yn it algemien en de FFU yn it bysûnder

Utsprutsen troch Tom Dykstra, foarsitter FFU, by it útrikken fan de eare-oarkonde fan de FFU oan Klaske Straatsma-Westerhof op 22 april 2013 te Ljouwert

Klaske, it docht ús deugd dat wy dy hjoed op de FFU-jiergearkomste ús twadde eare-oarkonde útrikke kinne. Want wy tinke datsto dy mear as fertsjinne hast. Ik sil dat taljochtsje.

Do witst, ferline jier hat de FFU in begjin makke mei it yn it sintsje setten fan Frysksinnige, taalbewuste Friezen dy't gâns út 'e wei setten hawwe foar it Frysk yn it ûnderwiis, benammen yn har frije tiid. Beropsfriezen dy't yn har eigen tiid amper wat betsjut hawwe foar it Frysk op skoalle, komme dêr net foar yn de beneaming. Wy telle net sasear it Frysk as berop, mar as ropping. En dy ropping fine wy by dy. Yn de rin fan mear as sechstich jier hasto dat sjen litten en hiel wat fan dyn tiid yn it Frysk stutsen.

Yn dyn jongere jierren hasto as ûnderwizeres, doe noch 'skoaljuffer', meiwurke oan in twatalige legere skoalle yn Oerterp. In boeresoan en in ôfstudearre tige Frysksinnige politikolooch mei de namme Rindert Straatsma seach dat. En hy mocht dy al gau mear as sljochtweihinne lije. De Fryske Folkshegeskoalle op Skylge hat yn dy snuorje grif ek in befoarderjende faktor west. Nei wat silerij op de Fryske marren en sa gongen jimme yn de lange hier. Foar it Frysk hat dyn bân mei Rindert fan grutte betsjutting west. Daliks joegen jimme beide al it sinjaal ôf dat jimme allinnich in Frysktalige trou-akte tekenje woene. En doe't dat wetlik net koe, hawwe jimme sa konsekwint west om dy dan ek net te ûnderskriuwen. It wie in 'statement' dat de provinsjale en lanlike parse helle. It houlik koe der lokkich wol om trochgean. En yn de tiid dêrnei hasto Rindert ta grutte stipe west. Earst doe't er provinsjaal taalbefoarderer foar it Frysk wie en letter doe't er direkteur fan de Afûk waard. Sok wurk bringt net altiten freugde mei, mar ek frustraasjes en tsjinwurking en dan is de stipe fan in oare helte fan libbensbelang.

Do hast dy op de fierdere stúdzje fan it Frysk smiten en dyn MU-A-akte helle. Lange tiid hasto leargongen Frysk foar de Afûk fersoarge. Hiel wat net-Frysktaligen, Frysktaligen en amtners hasto ta it Frysk praten en skriuwen brocht. Nei dyn 75ste jier moast dat ophâlde, omdat soks no ienris Afûk- wizânsje wie, mar do hiest it langer dwaan kinnen. As trou-amtner yn Tytsjerksteradiel hasto gâns Friezen yn it Frysk troud. Do wiest en bist warber yn Fryske ûnderskate Fryske ferienings, organisaasjes en kommisjes en yn de FNP. Wy neame ek de Ried fan de Fryske Beweging, dêr't jimme beide foarsitter fan west hawwe.

Mar foar de Feriening Frysk Underwiis bisto wol fan hiel bysûndere betsjutting. Doe't Rindert, dy't ek tige warber wie yn ús FFU-bestjoer, goed seis jier lyn spitigernôch by ús weifoel, bisto trochgongen mei it stypjen fan ús wurk. Wy kamen altiten al by jimme thús gear en do hast it goed fûn dat soks sa bleau. Yn Rindert syn geast hasto ús bystien en ús let en set. Dêr binne wy o sa wiis mei. In foto fan Rindert op it kastke efter ús yn de keamer, brocht en bringt ús altiten wer yn it sin wêrom oft wy stride foar it Frysk yn it ûnderwiis. Trou sammelesto foar ús krante-artikels oer ûnderwiis en Frysk en do bist ús trouste besykster as it om ús jiergearkomsten giet. Do bist no yn dyn 80'ste en wy hoopje datst noch hiel lang sûn en warber bliuwe meist. Net allinnich foar ús en foar it Frysk, mar benammen ek foar dyn bern en bernsbern.

Yn dit koart bestek kinne wy fansels net al dyn fertsjinsten en krewearjen wiidweidich bylâns. Mar wy wiene it der gau oer iens, dat as ien ús eare-oarkonde fertsjinne hat, dan bisto dat wol. Fan herten lokwinske. Wy hoopje dat er in goed plakje krije sil en datsto en dat wy der noch hiel wat jierren nei sjen meie.

FERIENING FRYSK UNDERWIIS